

Maya's yn Fryslân: it Kristlik Frysk Selskip op 'e jongste dei

Tiidrede ta gelegenheid fan de lêste ledegearkomste fan it Kristlik Frysk Selskip, snein 30 desimber 2012 te Burgum

Leden fan it Kristlik Frysk Selskip, stipers fan Krúspunt, oanwêzigen, leave en bêste minsken,

Doe't ik dwaande wie mei de tariedings foar dizze dei krige ik in tillefoantsje fan Sipke Huismans. Sipke Huismans wie yn 1908 ien fan 'e oprjochters fan it Kristlik Frysk Selskip, it KFS. De Sipke Huismans dy't my skille wie syn pakesizzer. Hy woe komme, en ien of twa oare neven mei deselde namme woene der ek by wêze. Oft er ek wol in lyts wurdsje sizze mocht. Fansels. In pear wike dêrfoar hie ik in oar tillefoantsje, dizkear mei Geert Wumkes, pakesizzer fan 'e oare oprjochter. Hy kin hjir spitigernôch net wêze, mar docht ús syn hertlike groetnis. Ik soe net in fermidden witte, dat it slagge is oer sa'n lang skoft in stik werklike kontinuïteit op te bouwen. Tagelyk waard ik fuort ek in bytsje ûndogensk, en koe ik it net litte te tinken: Oars moast it KFS dochs noch mar in skoftke bliuwe. Krite Foarâlderlike Sibben.

Maya's yn Fryslân. Doe't wy noch yn Grins wennen, hawwe wy dêr it kommen en de opmars meimakke fan Súdamerikaanske strjitmuzikanten: lytse mantsjes mei poncho's en bolhuodden, gitaren en panfluiten, en se spilen de hiele wrâld byinoar. Wy neamden se meastal gekjeiend fan Inka's of Maya's – in tipyske manier om jin

net werklik ferdjipje te hoegen yn 'e idintiteit en it ferhaal fan de frjemdling dy't op jins paad komt. Yn Fryslân sille se doe grif ek al west hawwe, nei alle gedachten krekt eefkes letter, want sa giet dat ornaris.

De bekende Marten Toonder, krekt as Geert Wumkes ien mei de woartels yn it âlde Fryske gebiet – syn femylje kaam út 'e Ommelannen –, hie blykber in foarútsjende blik, of se wiene der by him noch wat earder, doe't er yn 1979 de deiblêdstrip skreau *De andere wereld*, yn 1982 útbrocht as boekewikegeskink, yn 1994 ferskynd as *De oare wrâld*, oerset troch Jan de Jong, dy't ek noch skriuwer west hat fan it KFS. Yn dy strip wurdt de goede stêd Dongerdaam op in gegeven stuit oerspield mei frjemdlingen dy't poncho's en bolhuodden drage. Se meitsje fleurige mesyk, en oft dy no wurdearre wurdt of net, se geane net fuort, want se komme út it aaklike lân Apoka, en binne op syk nei in oare en bettere wrâld. Se binne o sa noflik en foarkommend, mar ien ding ferpoffe se, en dat is om werom.

It kin fansels net oars, of hear Olly moat him wer mei de gong fan saken bemuoie. Hy mient wakker, dat er it foarfaderlik stee tsjin dizze ynkringers ferdigenje moat, mar troch it yngripen fan Tom Poes bedarret er, sûnder it te wollen, just oan it haad fan de nije beweging. Hy besiket dy op 'en nij te kearen, en begjint nei te gean wêr't al dit frjemdfolk – lit ús se mar fan Maya's neame – eins weikomt. Dat docht bliken te wêzen by in revier, dêr't se oerset wurde troch in nuveraardige boatsjeman. Hear Olly besiket dy te belêzen dat er dêrmei ophâldt, mar bedarret op in gegeven stuit sels yn it kowedrinken. Hy giet kopke ûnder en wurdt der oan 'e oare kant wer útfiske – en hy docht bliken yn it lân Apoka te wêzen. Teffens is er trije dagen weromgien yn 'e tiid, mar dat wit er noch net.

Yn Apoka sjocht er mei eigen eagen hoe 'n gefaar oft de Maya's rinne: as men te lang op itselde plak sit, kinne woekerplanten jin fêstgripe en wurdt it libben út jin weisûgd, en bliuwt men yn beweging, dan is oeral it gefaar fan lytse en grutte

spontaan útbarstende fulkanen. Hear Olly sjocht dan ek syn plicht, en wiist de bewenners derop dat der ek in oare wrâld bestiet, sûnder gefaar foar woekerplanten en fulkanen, dêr't men yn frijheid en folop libje kin. Dat wolle de lju dêre wol, en sa jout Hear Olly yn wêzen de stjit ta de grutte emigraasje nei Dongerdaam. By einsluten wurdt er sels troch in fulkaan op 'en nij yn 'e revier soald, op 'e tredde dei fan syn ferbliuw yn dy nuodlike oarde, en hy komt der oan syn eigen kant wer út op it momint yn 'e tiid dat er der dêr ek yn fallen wie. Hy hat in lus fan trije ekstra dagen makke.

Foardat ik oer dit ferhaal fierdergean earst noch eefkes oer de oersetting: sa bliid as de Fryske Bommel-leafhawwers earst wiene dat de útjouwer (Le Chat Mort fan Ketlyk, de eigener komt fan bûten Fryslân) it inisjatyf naam ta in ambisjeuze rige stripoersettings, sa sunich wie de ûntfangst fan dit diel. Sa ryk en byldzjend as nammentlik de taal fan Marten Toonder syn orizjinele ferhalen is, sa plat en sûnder rook of smaak is de oersetting. De sjeu is derôf. Dat waard yn 'e kritek dan ek wol opmurken, en Marten Toonder, dy't doe noch libbe, griep persoanlik yn: Jan de Jong mocht net mear oersettings publisearje. No wie dat perfoarst gjin brevet fan ûnfermogen foar Jan de Jong, want dat wie in betûft en kundich oersetter. Allinnich, hy wie net de man fan de literêre en taalkundige grappen fan Toonder. Mar doe't dit lytse trelit spile, kaam guon yn 't sin dat it duo Jarich Hoekstra en Harke Bremer yn 'e jierren '70 al ris in tal Bommel-ferhalen oerset hie, en dat dêr doe gjin útjouwer foar te finen wie. Dy wie der no al, Toonder seach dat dit goed wie, en wilens hawwe de mannen de Obe Postmapriis krigen.

Sa stadichoan sille jim jim hast wol ôffreegje wannear't de sprekker ta de saak komt, want dit giet net allinnich by Dokkum, mar sels by Dongerdaam om. Mar ik woe en koe net om dit foarbyld hinne, omdat it neffens my sa'n prachtige yllustraasje is fan

in tal fasetten fan de kristlik Fryske beweging. En in pear fan dy fasetten wol ik graach mei jím delgean.

Yn 'e tiid dat Wumkes syn earste Fryske preken hold, wie dat in lytse revolúsje. It wie de komeedzje yn 'e tsjerke – no neat bûtenwenstichs mei alle advints- en 40-dageprojekten dêr't it boadskip mei brocht wurde moat, mar doe fjoer en wetter: de komeedzje, it platte, it deiske en boerske, it Fryske, en de tsjerke, it ferhevene, it establishment, it Hollânske. Ik tink net dat wy de kultuerskok dy't dat west hat, neifiele kinne. Guon moatte it gefoel hân hawwe dat se belibben wat Markus beskriuwt: As jím it skriklik stik ôfgriis stean sjogge op in plak dêr't it net heart (Markus 13: 14). It Frysk hearde net yn 'e tsjerke, en it wie de minsken in ôfgriis. En it is dat de measte Friezen ûnder alle omstannichheden nofteren bliuwe, mar oars hiene grif guon út Wumkes syn earste preek it kommen fan de jongste dei foarsein.

En dan wiene der ek noch guon, dy giene dêryn mei, dy rûnen dêrefteroan. Wumkes syn tsjinsten waarden suver toerneeën, dy't ek ferheftige emosjonele réaksjes losmakken. De bekende Oepke Noordmans, ien dy't ik ta myn eigen foarfaars rekkenje (hy wie in omke fan myn beppe fan heitekant), wie op 26 maart 1918 hjir nei Burgum ta setten om Wumkes in kear te hearren, en hy skriuwt him – foar it earst en foar it lêst yn syn libben, sa goed ik wit – in brief yn it Frysk om him witte te litten hoe bot oft er oer dit nije fenomeen optein is. Wumkes skriuwt him werom, tankber foar de bemoediging, en noeget him út om it ek ris te besykjen. Mar dêr hat Noordmans him nea oan weage, en hy is ek net lang mear yn Fryslân bleaun. Lettere brieven fan de beide mannen binne hieltiten wer yn it Hollânsk.

Lykas bekend, Noordmans wie net sa gau fan 't hynder. Mar oaren witte wy fan dat se ferheftich op dy nije beweging réagearren. Der hawwe minsken west, dy seagen de yntocht fan it Frysk yn 'e tsjerken as it begjin fan 'e ein fan 'e wrâld

dy't se koene. Ynienen út it fertroude Dongerdaam wei yn it lân Apoka. En sa't ik op in oar plak alris skreaun haw: de nije idéalen waarden troch guon ek echt as it begjin fan in nij tiidrak field, sa't ek te sjen is oan it út ein setten fan 'e Jongfriezen. Nammers, ek de noch altyd trochduorjende grap fan it trochstekken fan 'e Ofslútdyk dat elk dy't foar it Frysk fielt ier of let in kear te hearren krije moat, wiist derop dat minsken it sykjen fan romte foar de eigen taal op nije domeinen oanfiele as it begjin fan in oare wrâld.

Mar krekt as mei hear Olly, yn dat lân Apoka bliuwt in minske net itselde. It koe ynienen wêze of nei in skoftke, mar hiele folksstammen hawwe útfûn, dat der werklik in oare wrâld bestiet as dêr't se yn grutwurden binne. Frjemd om te sizzen, mar dy oare wrâld wie de wrâld fan de eigen taal. En de ûntdekking wie, dat it konsekwint brûken fan in oar syn taal úteinlings jins eigen gefoelens en gedachten opsûcht, krekt as de woekerplanten yn Apoka.

Tagelyk wurdt ek dúdlik, dat de negative réaksjes yn dy tiid net inkeld in kwestje fan konservatisme en ûnferstân wie, sa't letter wol yn 'e Fryske beweging op smeulske toan útholden wurden is. It giet om it idee fan it behâld fan in eigen wrâld, en dat sit djip yn in minske. Us earste réaksje is, as frjemdfolk jins ikkers oerwâdet, fan Oerein! Dit mei net! Us ikkers binne uzes, en dêr hearre oaren ôf te bliuwen! It is it idee dat de wrâld om jin hinne der is foar jin, en dat de wrâld dêr't men jin yn beweecht, him hat te bewegen binnen jins eigen tinkramt. En it sit yn ús, om in oar yn ús wrâld automatysk te sjen as in ynkringer. It is ús wrâld, en wat docht dy oare dêr? En der is in learproses ta nedich om yn te sjen, as in oar him yn jins wrâld beweecht, dat dêrmei jins wrâld ek dy oar sines of harres is. De oare leart jin, dat de wrâld net jins eigen is, en dat is in muoisum learproses. It is neffens my net om 'e nocht, dat téoryn oer de ein fan 'e wrâld lykas lêsten ek wer, faak ferbûn wurde mei frjemde folken of ferskynsels. As de wrâld fergiet, dan dogge frjemden

dat. Maya's, of hoe't wy se mar neame wolle. Minsken mei oare kelinders, oare wearden, in oar geastlik universum, en fansels ek in oare taal. Frjemd, ûnbegryplik, en dêrom bedriigjend. En just dêrom sa heilsum.

Ik wit net, oft ea yn ien fan 'e eintiïdberekkening dy't ek oan it begjin fan 'e tweintichste ieu wakker makke binne, de yntree fan it platte Frysk yn 'e timpels fan it hillige ek in rol spile hat. Ik bin bang dat dêrfoar de revolúsje wer krekt eefkes te lyts wie. Mar ik bin der al wis fan, dat dy earste Fryske preek mei wat dêrefteroan kaam, de beweging dy't foarm krige yn it Kristlik Frysk Selskip en oaren, derta bydroegen hat dat minsken in oare wrâld ûntdieken. Want dat is it gelyk fan de kristlike en de hiele Fryske beweging fan 'e foarbye ieu: it ferlet fan tinken, praten, lêzen, skriuwen, sjongen, bidden en geastlik funksjonearjen yn jins eigen taal is in earsten libbensbehoefte, en it is eins ûnbegryplik dat it by ús salang duorre hat, dat minsken dat werklik as in oare wrâld ûntdieken. Yn 1766 skreau de ferneamde Ingelske wurdboekskriuwer Samuel Johnson oan William Drummond, direkteur fan 'e Society in Scotland for the Propagation of Christian Knowledge: 'I did not expect to hear that it could be in an assembly convened for the propagation of Christian knowledge a question whether any nation uninstructed in religion should receive instruction; or whether that instruction should be imparted to them by a translation of the holy books into their own language. If obedience to the will of God be necessary to happiness, and knowledge of his will be necessary to obedience, I know not how he that withholds this knowledge, or delays it, can be said to love his neighbour as himself. To omit for a year, or even for a day, the most efficacious method of advancing christianity, in compliance with any purposes that terminate on this side of the grave, is a crime of which I know not the world has yet had an example, except in the practice of the planters of America, a race of mortals whom, I suppose, no other man wishes to resemble' (R.W. Chapman, *The Letters of*

Samule Johnson I, Oxford 1952, 189). Oerset: Ik hie net tocht dat it yn in selskip dat byinoar komt foar it befoarderjen fan kristlike kennisse in fraach wêze koe oft likefolle hokker folk dat gjin weet hat fan godstsjinst dêr wol weet fan krije moat; of oft it dêr wol weet fan krije moat troch in oersetting fan 'e hillige Skrift yn har eigen taal. As hearrigens oan Gods wil needsaaklik is foar it lok, en it witten fan syn wil needsaaklik is foar hearrigens, dan begryp ik net hoe't ien dy't oaren sok witten ûnthâldt, of opkeart, sizze kin dat er syn neiste leafhat as himsels. Om in jier, of sels mar in dei, ôf te sjen fan de fruchtberste manier om it kristendom fierder te bringen, omdat men bûcht foar belangen dy't oan dizkant grêf ophâlde te bestean, is in misdied dêr't ik net fan wist dat de wrâld al in eksimpel hie, of it moast yn 'e praktiken wêze fan 'e plantaazjehâlders yn Amearika, in minskeskaai dêr't dochs net ien op lykje wol.

De iennige reden dy't ik betinke kin dat it hjir sa lang duorre hat, is dat de Hollânsktalige en de Frysktalige tinkwrâld danich minder fan elkoar skele as Dongerdaam en Apoka, of Skotlân en Ingelân. En dan noch bliuwt it beide in wrâld fan minsken, mei mear oerienkomsten as ûnderskieden. Sadwaande kin it ek net of oars, of ûnderhûdsk hawwe Friezen ûnderinoar, ek as se Hollânske preken hearden en liezen, dy sûnder dat sa te beneamen omset yn in eigen, Frysktalich discours. It is net om 'e nocht, dat sawol yn de Roomsk-Katolike as de Protestantse Tsjerke en tsjerken it gegeven fan in Fryske manier fan leauwen en tsjerkewêzen as gegeven bekend is. Noch net sa lang lyn waard 'Frysk-konfesjoneel' as in eigen geastlike streaming sjoen. Dat moat te krijen hân hawwe mei hoe't de minsken hjir oer de dingen fan it leauwe en oer de Bibel praten, en dat kin net oars as yn it Frysk west hawwe, ek al lei dêr in Hollânske laach fan Steatebibel en Psalmboek en offisjeel tsjerkelibben oerhinne. Under dy laach barnde in fjoer, fûlder as dat in protte trochhiene, en dat fjoer kaam op in gegeven stuit, no't wy it witte foar ús gefoel

meskien wol let, mar it kaam oan it oerflak krekt as de fulkanen yn Apoka. Mar foar dy't dat net oankommen seach en dêr net mei op 'e hichte wie, wie it de jongste dei.

No binne wy mear as 100 jier letter, en de grutste gleonens is der wat ôf. It Kristlik Frysk Selskip hat syn groede en bloei hân, en it hat frucht droegen. Dingen dêr't men 100 jier lyn net fan wist dat se bestean koene, binne gewoan wurden. Wy hawwe in Fryske Bibel – nee twa, en se steane beide op ynternet. Op watter? Wy hawwe in Lieteboek, ek beskikber op cd-rom. Ien dy't Frysk brûkt yn in tsjerketsjinst of oar tsjerklik fermidden, is gewoan wurden. Doe't it KFS presys 100 jier bestie, hawwe wy dat meiinoar fierd, en dat wie ek in feestje waardich.

Mar no binne wy hast oan 'e lêste dei ta fan it bestean fan it KFS en wurdt it inisjatyf oernommen, sa hoopje wy, troch Krúspunt. Ik sis net iens fan 'it wurk oernommen', want dat is fan 'e jierren '70 ôf al dien troch in hiele rige oare organisaasjes. It ferlet fan inisjatyf bleau, mar de foarm fan it KFS wie dêr hieltiten minder op berekkene. Dat inisjatyf is ûnwittende wichtich, want dat it wurk troch oaren oernommen wurdt, wol net sizze dat wy derop oan kinne dat it ek altyd dien wurdt, of goed dien wurdt. Yn it deistich en bestjoerlik libben witte wy dêr ek alles fan. Der moat in plak bliuwe, dêr't geregeld wei prikels wei komme om nei te tinken oer en fierder te bouwen oan in oare wrâld, de wrâld dêr't it brûken fan it Frysk en oare memmetalen yn Fryslân net allinnich gewoan is, mar fansels. Ik krige lêsten in berjochtsje fan Koen Zondag, ien fan myn foargongers as foarsitters, mooglik wol de foarnaamste, dy't nei syn ûnderwiiskariêre noch ien as meniste foargonger begûn is. Hy preke lêsten yn 'e Westerein, en liet foarôfgeand oan de seine it liet troch bern en grutten sjonge fan 'Ik sil sliepe, leave Hear.' Nei de tiid kaam in beppe by him: 'Ik song altyd 'Ik ga slapen ik ben moe,' mar dat it no foarby. De Fryske tekst is

folle moaier!’ Sy ûntdiek as beppe noch wat dy oare wrâld foar har betsjutte koe, wat se in libben lang mist hie sûnder it te fernimmen. Salang as sokke dingen barre, moatte wy noch kommunisearje om Dongerdaam en Apoka elkoar ûntdekke te litten.

Wilens belibbet it Kristlik Frysk Selskip dus hast syn lêste dei. Dat is net de jongste. Of al? Dy’t in bytsje de aktúaliteit folge hat fan it KFS yn syn neidagen, sil opmurken hawwe dat it foar in lyts tal leden suver in kwestje fan libben en dea like oft it Selskip op ’e âlde foet trochgean soe, of ophâlde mocht te bestean. Dy’t dat fan tichtby meimakke hat, lykas jím sprekker fan fanmiddei, koe him dêr op it lêst allinnich noch mar oer fernuverje, en as bestjoer moasten wy op it lêst fêststelle, dat it net mooglik wie om oer en wer ek mar in idee fan werklik begryp te hawwen wat dy oare beweegde. En as der ien ding is dat foar my as nei alle gedachten lêste foarsitter fan it Kristlik Frysk Selskip in skaad smyt op dizze gearkomste, dan is dat it: al hoe bliid as ik ek bin mei de útkomst, ik sykje yn gedachten soms noch om in oar paad. Mar it iene sjoch ik net hoe’t oars koe, it oare net hoe’t ik it oars woe. Dat sa binne wy hjir kommen.

De tiid docht lykwols sines altiten ek wer, en by it tarieden fan dizze rede kaam it idee oer my, dat mooglik begjin en ein fan it KFS wol ris folle mear op elkoar lykje koenen as dat wy hieltiten mienden. Niis haw ik neamd, dat der yn en om 1908 hinne minsken west hawwe moatte, dy’t it oprjochtsjen en it krewearjen fan it Kristlik Frysk Selskip net oars sjen koene as de net-winske konfrontaasje mei in oare wrâld, dy’t de eigen fertroude bedriigde. Komeedzje yn tsjerke. Lytse revolúsje. Dy lytse revolúsje is lykwols rillegau in gruttenien wurden. Njonken it KFS kamen oare selskippen en groepen – ik haw de Jongfriezen al neamd, mar it Selskip 1844 wie der fansels ek, de Federaasje fan Fryske Studinteferienings kaam derby, en net te ferjitten it Frysk Bûn om Utens, en noch eefkes letter wiene der ek direkte susterselskippen yn ’e figueren fan it Roomsk Frysk Bûn, it Grifformeard

Frysk Selskip en de Kristlik Fryske Mienskip op Frijsinnige Grûnslach. Ik soe hast sizze: it liket Nederlân wol, en dat wie it yn djipste wêzen fansels ek. Jan Popkema hat dy skiednis yn it noch altyd oan te rieden *Mei it wiffe skip* behannele yn fûgelflecht, mar sa't er my sels witte litten hat – al wer ien fan dy berjochtsjes yn 'e oanrin nei dizze dei: kommende hjerst sil syn yngeande – en ik bin sa frij om te sizzen fan definitive – stúdzje fan de skiednis fan de hiele kristlik Fryske beweging útkomme. Dy stúdzje giet oant en mei de dei fan hjoed – en no wit ik net oft Jan Popkema yn syn berjocht mei 'hjoed' bedoelt fan 'hjoed, 30 desimber 2012', of sels it hjoed fan 2013 dêr't syn boek yn ferskynt.

Dy hiele kristlik Fryske beweging hat yn 'e ôfrûne ieu in réele tsjerklike en maatskiplike faktor west, en dy beweging woe dat ek wêze. Net om 'e nocht waard yn 'e jierren '30 yn it karbrief fan it Selskip opnommen, dat it doel fan it Selskip net inkeld wie it skeppen fan romte foar de memmetalen yn Fryslân op it mêd fan tsjerke en leauwe, mar ek it ferfryskjen fan de hiele maatskippij yn dizze provinsje, te begjinnen mei ûnderwiis, polityk en media. De oare wrâld wie werklik in hiel oare wrâld wurden. En de oare wrâld wie, foar dy't ien kear yn dy wrâld bedarre, ek in grutte en in folsleine wrâld wurden. Dy't yn dy wrâld thús rekke, prate oars, die oars, waard oars. It is noch altyd in ûnderfining dy't studinten hawwe as se har oansletten hawwe by de feriening Bernlef yn Grins: as se nei in pear wike wer in kear thús komme, krije se te hearren: 'Wat praatsto ynienen geef.' By in oare wrâld heart ommers ek in oare taal.

Dy wrâld is lykwols gjin maklikenien, it is in wrâld fan striid. Dat is ek in punt dat ik treffend yllustrearre fûn fan it neamde ferhaal fan Marten Toonder. De ynweners fan Apoka, it lân dat oan it fergean is, libje yn kontinu gefaar. Se kinne lykwols kieze. Dy't de striid mêd is, bliuwt sitten op itselde plak, en wurdt troch wringerts, in soarte fan woekerplanten, ynkapsele. Men giet dan net dea, mar

beweecht ek net mear. De plant jout jin iten yn 'e foarm fan blêden, en tapet yn ruil dêrfoar jins ferstân ôf, dat er brûkt om mei syn soortgenoaten fierder te wreidzjen en mear ynwenners te fangen. De ynwenners dy't dat lot foar kar nommen hawwe, of dy't dat lot oermânsk wurden is, hawwe fierders gjin soargen mear. Se hawwe har oanpast. Mar dat betsjut wol, dat se yn wêzen tsjin har lânslju fjochtsje. Dy't net meifjochtet, is tsjin. Ik tink, dat de klassike Fryske beweger net sa'n hiel oar byld hat fan syn of har folksgenoaten dy't har ferbrekke. Sels kiest er foar de striid, krekt as in sa stadichoan in lytse minderheid yn Apoka: hja hawwe it gefoel, dat harren libbensromte hieltiten lytser wurdt, en nuodliker. Alle stuiten kin it fjoer op har iepene wurde, en se rinne it risiko dat se út it lân wei smiten wurde, yn 'e revier it Swarte Wetter, en dat stiet gelyk oan de dea. Mar dat altyd noch leaver as jin ferbrekke en jins idéalen opjaan, ek as de skiednis jin besiket dúdlik te meitsjen, dat dy idéalen troch de groep dy't se oanhinget op gjin inkelde manier te berikken binne. Binne wy dat de ôfrûne jierren net fakernôch tsjinkommen?

Hoe kin dat dan? It is neffens my itselde meganisme, dat yn 'e begjintiid fan it Kristlik Frysk Selskip it ferset oprôp tsjin de nije idéalen fan dy oare wrâld dy't him ynienen oppenearre. Net hoe't dy wrâld derút sjocht, wie bedriigjend, mar it feit dat dy wrâld der is, en oars is as de eigen. Mar as ien yn dy oare wrâld dûkt en dêr thús rekket, foar sa'nes wurdt dy oare wrâld de eigen wrâld. En elke wrâld dy't fan dy oare, no eigen, wrâld ôfwykt, dat wurdt dan de nije oare wrâld, en dy nije oare wrâld is wer krekt sa bedriigjend foar jin as dat de eigen oare wrâld foar oaren is. Ik wol mar sizze: it KFS fan no is in oare wrâld as it KFS fan 'e begjintiid. En foar dy't noch thús wurden binne yn it KFS fan de begjintiid, en ik haw oan it begjin fan myn rede al oanjûn hoe sterk oft yn dit fermidden de kontinuïteit belibbe wurde kin – foar dyselden is it KFS fan no in oare wrâld, en in bedriging foar de eigen. It Selskip opheffe en oergean is dan komeedzje yn tsjerke, of meskien sels wol in lyts skaad fan

'e jongste dei. Dêr wolle jo net by wêze. En sa't myn beppe as famke yn Tsjom it meimakke hat dat in pear âlde wyfkes ûnder it sprekken fan dy legindaryske wurden de tsjerke út setten, sa moat ik as foarsitter fan it KFS meimeitsje dat in pear leden der no yn wêzen út rûn binne mei itselde sinjaal. Tiden hawwe tiden. Mar der feroaret soms minder as dat jo tinke.

Oanwêzigen, ik haw meskien wolris mear op it stik ôf praat as dat ik fanmiddei doch. Dat is it neidiel as men de romte krijt om suver in oere it wurd te dwaan fan jins meibestjoersleden. Aldergeloks sil dat nei moarn net wer foarkomme. Mar myn ferstean fan dizze tiid, fan dizze dei, fan dit byinoar sitten soe net de muoite fan it harkjen wurdich wêze as ik net besocht om de linen troch te lûken nei de takomst. Dy linen geane meskien ek net allegear presys deselde rjochting út. Mar dat hat dit wer foar, dat wy nammerste mear kâns hawwe dat altyd ien fan dy linen eefkes oan de wierheid skampt.

It earste is, wat ik leard haw fan de eksersysje fan de ôfrûne jierren, it oergean fan it Kristlik Frysk Selskip nei Krúspunt, komt oerien mei wat it ferskinen fan de Fryske Bommel-strips sjen lit. Yn it earst liket it derop, dat it net kin. Dan komt it stuit dat men mooglikheden sjocht, en tinkt: no moat it wêze, dit moat it wurde. En men giet op 'e snút. Sa binne wy as bestjoer en gearkomste fan it KFS de ôfrûne tiid meskien wol mear as ien kear eefkes ûnderút glide. Omdat wy mienden dat wy it foarinoar hiene, en it slagge net. Mar komme sa alle goeie dingen net ta stân? De earste Fryske Bommel-oersetting soe it begjin wurde fan in skitterjende rige. It is ek in skitterjende rige wurden, mar it oarspronklike plan moast danich oanpast wurde. Yn wêzen wie de earste stap mislearre, en ik haw sels ek yn it koar meigûld dy't de oersetting fan Jan de Jong, *De oare wrâld*, ferspijden, en fûnen dat it yn wêzen pas begûn mei it twadde diel, fan Bremer en Hoekstra, *It kwea-each*. Mar it

is wol sa, dat sûnder dy earste útjefte de twadde der net kommen wie. Yn wêzen hawwe wy der in protte oan te tankjen. En no't ik dy oersetting foar dizze rede noch in kear hielendal trochlêzen haw, moast ik mysels earlik tajaan: sa slim wie it no ek wer net. It wie as gehiel perfoarst ûnder de mjitte, mar der siet genôch moais yn. Lit ús sa ek oardielje oer al ús earder krewearjen dat net wurden is wat wy derfan ferwachte hiene. En lit ús ek betinke, dat it yn 'e Bibel yn 'e regel net oars giet. De earste kear, de âldste soan, dêr't alle eagen op rjochte binne, mislearret faak. Mar dat betsjut net de ein fan it ferhaal, mar in nij begjin, mei in twadde kear, in jongste soan. Sa is de skepping net wurden wat de hymne fan Genesis 1 derfan ferwachte. Mar nei Genesis 1 komt Genesis 2. In stik minder poëtysk, in stik réalistysker – mar dêrmei krijt it ferhaal de kâns om troch te gean. In oare skepping, in oare wrâld, blykt just de iepening te wêzen nei de takomst. En dat proses giet altiten troch. Sa wie it KFS in oare wrâld foar de measte Friezen doe't it begûn. Mar wat guon derfan ferwachten, is net útkommen. Yn stee hat him wer in nije oare wrâld oppenearre, alteast dat hoopje ik, mei it inisjatyf fan Krúspunt. De oprjochting yn Jorwert hat foar de oanwêzigen oanfield as in nij begjin, in oare wrâld. Mar meskien moatte wy aansen ek wol meimeitsje, dat dat begjin net brocht hawwe sil wat wy derfan ferwachten. En komt ús wer in oare wrâld yn 'e mjitte.

Wat yn dat hiele proses fan libbensbelang is, is de kommunikaasje. Dat klinkt as in moadieuze iepen doar. Mar kommunikaasje is gjin magysk wurd, sa't wy ek de ôfrûne jierren ûntdutsen hawwe. Der is ferlet fan mear: kommunikaasje yn fleis en bloed, yn 'e foarm fan minsken dy't de stap weagje fan 'e iene wrâld yn 'e oare, ek al liket dat ûnmooglik. Hear Bommel docht dat yn it ferhaal twa kear: earst fan Dongerdaam nei Apoka, en trije dagen letter wer werom. Beide kearen skeelt it net folle, of hy ferdrinkt. De symbolyk is fansels dúdlik. Mar op dy manier iepenet hy foar beide groepen nije mooglikheden. Hy soarget dat de lytse lju fan Apoka

ûntsnappe kinne nei de lânsdouwe om Dongerdaam kinne, omdat hy fan 'e oare kant komt. Mar omdat hy ek út Dongerdamster perspektyf oan 'e oare kant west hat, kin hy syn meibewenners de eagen iepenje foar wat der oan 'e oare kant fan it wetter te rêden is. By einsluten makket dat, dat beide groepen meiinoar fierder geane, en dat der net mear twa wrâlden binne, de eigen en de oare, mar ien wrâld, in mienskipliken foar allegearre. Sa sille wy ek werklik geregeldwei nei de oare kant ta reizgje moatte: de kant fan de minsken dy't net witte wat it betsjut dat hjir minsken in eigen memmetaal hawwe, dy't se op skoalle kwalik leare en dêr't se dochs har meast eigene dingen yn belibje. Ik jou noch ien foarbyld, al is it suver op 'e râne. Lêsten wie ik by ien út 'e gemeente, noch net iens in âld-persoan, mar no al wjend yn it ferpleechhûs, it ferstân der fierhinne út. Mar se koe my noch, en wy makken in praatsje. Op it lêst sei ik: Sille wy tegearre in gebed dwaan? Ja, sei se. Ik begjin wol! En hja begûn: Here God, Wij danken U – dat Gij ons weer een nieuwe dag geschonken hebt – dat Gij altijd voor ons zorgt – – maar toch, Heer, sommige dingen – dat zou toch wel een opluchting zijn, Heer – dat zou toch wel een opluchting zijn. Dat zou -- Hja fersloech deryn, en ik bidde fierder, en neamde ûnder oaren it fertriet om de ferstoarne partner, de ûnwissigens, it allinnich wêzen. En hja bidde fierder: Ja, dat soe wol de muoite wurdich wêze – dat soe wol de muoite wurdich wêze – want soms – want soms – – en se moast skrieme. It wie eefkes stil, it fertriet gong wer fuort, en ik begûn oer wat oars. Mar ik wist wer hierskerp: as ik net yn syn eigen taal mei dizze frou bidde kin, haw ik dêr pastoraal neat te sykjen. Mar komme wy dêrfoar op yn tsjerke, dan wurde wy noch altyd gauris oansjoen foar komedianten dy't har plak net witte, minsken út in oare wrâld. Yn dy oare wrâld leit ús takomst as leauwige Friezen. Mar bliuwe wy yn ús eigen oare wrâld fêstsitten, dan wurdt it praten in striid, wurdt de striid in kultuer, en wurdt dy striid by einsluten ferlern. Dêrom is it sa wichtich om like geregeld

minskens fan dy oare wrâld yn uzes wolkom te hjitten om sjen te litten wat ús werklik beweecht, en krekt gelyk gauris yn de oar syn wrâld te gast te wêzen, en te sjen wat dêr spilet. Yn 'e selde snuorje wie ik ek by in man op besite, dy syn freondinne wie krekt by him wei gien. In jonge man, hofker, komt út Hollân, mar begroetet my mei Agoeie en seit by it fuortgean fan Oant sjen. Ik kin gewoan Frysk tsjin him prate, hy ferstiet alles. Mar by it bidden haw ik it Onze Vader brûkt. En sa koe hy meibidde, en waard myn gebed ús gebed. Kommunikaasje moat net fan wurden wêze, mar fan minskens.

Dy kommunikaasje begjint altyd mei in skok, en de minskens fan in oare wrâld dy't wy tsjinkomme, oppenearje har yn ús belibjen altiten as in soarte Maya's, boaden fan 'e jongste dei. Jins earste réaksje is dan ek ien fan 'dy of dit heart hjir net te wêzen'. Mei hear Bommel giet it krekt gelyk as er de earste reizgers út Apoka moetet, dy't krekt in kampemintsje opslein hawwe ûnder syn sliepkeamersrút en dêr fleurich begjinne te mesykmeitsjen. Mar lang om let ûntdekt er, dat sy en hy wierliken femylje binne, fan 'e selde lape skuord, bruorren en susters. (Tusken heakjes: it ûnbidich knappe is, dat de Apoka-berntsjes krekt sa tekene binne as it stripfiguerke Panda. En Panda en Bommel hawwe deselde geastlike heit) Sa binne wy en de Maya's op ús paad ek altiten bern fan ien Heit, en leau ik dat ien fan 'e doelen wêrom't wy se tsjinkomme dit is, dat wy dat útfine. Oarsom jildt dat fansels ek. De minskens fan de kristlik Fryske beweging sille noch gauris as Maya's oansjoen en behannele wurde as se har oppenearje. Mar by einsluten binne Maya's en Friezen, wêr't jo jo dan ek mar by rekkenje wolle, allegearre minskens. En dat betsjut dat wy foar elkoar gjin boaden fan 'e ûndergong wêze moatte, mar fan 'e takomst.

Want neffens my giet it dêrom mei de jongste dei, ek yn 'e Bibel. It is in dei dêr't net ien sin oan hat, in dei dêr't al jins gefoel en tinken tsjin yn opstân komt.

Mar as it derop oankomt, leau ik net dat Jezus syn foarsizzings docht om ús bang te meitsjen, mar om ús betrouwen te jaan. As jim yn jim bestean de tekens sjogge fan de jongste dei, wit dan dat Ik deroan kom, seit Er. Soene wy it de ôfrûne jierren ek te min hân hawwe oer dat betrouwen? As it doel fan ús beweging werklik berne is út leauwe en djipst ferlet, en net út in stribjen nei macht of it beskermjen fan in kwetsber ego, as wy werklik leauwe dat ús doelen wat te krijen hawwe mei Gods plannen mei ús, dan is elk teken fan de jongste dei – en dat kin foar elk wol wat oars wêze – in oanwizing, dat dy doelen tichterby komme. Dat de dei werklik tichterby komt, dat elk yn dizze provinsje yn har of syn eigen memmetaal yn- en útgean mei yn de oare wrâld dy't it foarlân is fan ús allegearre. Sa't it no is, kin it net bliuwe. En sa't it wurde moat, sa komt it.

Dêr woe 'k it mei sein hawwe. Tankewol.